

Hasto Oaljefant sjoen?

David Barrow



Ynteraktyf foarlêze

Ynteraktyf foarlêze wol sizze dat elkenien ûnder it foarlêzen aktyf by it ferhaal belutsen wurdt. De foarlêzer stelt bygelyks fragen oer wat der krekt foarlêzen is, lit de bern dingen oanwize yn it boek of freget de bern wat sy derfan tinke. Sa kinst as foarlêzer goed oanslute by de bern en wurde de bern mear belutsen by it ferhaal. Ek helpt it de bern om it ferhaal better te begripen.

Ynteraktyf foarlêzen kin op alderhande manieren en by alle boeken.

Foar it lêzen

- Lês foar it foarlêzen sels it boek en de fragen dy't hjirûnder steane in kear troch.
- Sykje in noflik plakje om foar te lêzen. Soargje dat elkenien it boek goed besjen kin.
- Sjoch mei-inoar nei de foarkant fan it boek. Wat is de titel fan it boek? Wat sjochst op de foarkant?



Tips foar lês-, sjoch- en lústerfragen

Praat ûnder en nei it foarlêzen oer de fragen:

- Oaljefant wol graach ferstopperke boartsje. Ha jim wolris ferstopperke dien? Hoe wurket dat?
- Sykje op alle yllustraasjes nei de oaljefant. It jonkje kin oaljefant net fine, sjogge jim him wol?
- Soene jim jim ek ferstoppe kinne op de plakken dêr't Oaljefant him ferstoppet?
- It jonkje kin Oaljefant net fine. Hoe soe Oaljefant him helpe kinne?
- Oaljefant sei oan it begjin fan it boek dat hy hiel goed is yn ferstopperke. Fine jim dat ek?
- Skydpod wol ek in spultsje dwaan. Watfoar spultsje wol er dwaan? Hy seit dat er dêr hiel goed yn is. Soe dat sa wêze? Wêrom tinke jim dat?

Net alle fragen hoege steld te wurden. Kies de fragen dy't passe by de bern of betink sels oare fragen om de bern te belûken by it ferhaal. Lês it boek sa faak foar ast wolst en brûk deselde of oare fragen.

Om te dwaan

Ferstopperke boartsje

Boartsje mei-inoar ferstopperke. Dat kin mei bern en folwoeksenen, mar knuffels en poppen kinne ek meidwaan. Lit ien telle oant tsien (of fierder). Yn watfoar talen kinne jim oant tsien telle? Kinne jim dat ek yn it Frysk?

De siker/teller telt:

ien, twa, trije, fjouwer, fiif, seis, sân, acht, njoggen, tsien!

De oaren ferstopje harren. Hawwe se in goed plakje fûn? Kin de siker elkenien fine?



Opsiferske

Telle

It opsiferske is te finen yn de Temateek fan Spoar 8 en op www.keimpe.frl.

*Lytse Jolle fan 'e Jouwer,
telt al 'ien, twa, trije fjouwer'.*

*En syn nichtsje út Nijlân,
kin al 'fiif en seis en sân'.*

Mar it knapst is Rixt út Rien.

Dy telt: 'ien, twa, trije, fjouwer, fiif, seis, sân, acht, njoggen ... tsien!'

Lês it opsiferske in pear kear foar en tel ek mei-inoar yn it Frysk.

Bewege by it opsiferske

Tekenje mei stoepkryt de getallen op 'e grûn. Sis it ferske op en spring nei it sifer dat sein wurdt.

